


DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN




Jachtwerf Eernewoude

Prinsehof 3
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

Fa. Westerdijk en Zn.

Gem. Jachthaven

Feansterdyk 2
Tel. 9360



Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhouden van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

Voor al uw levensmiddelen

Aardappelen - groenten - fruit

bloemen en planten naar:



Gerrit en Goke Adema

Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371

VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

DE DOARPSOMROPPE

Moanneblêd foar Aldegea en omkriten

Samlers:

R. Jansma - Udemma
W. Wijma - v.d. Wal
L. de Jong
W. Toering

Samlerskip:
Achterwei 5

DE DOARPSOMROPPE

Sa 't jim sjogge, lêzers, stiet it fraachteken der net mear, dit blêd hat in namme krige: De Doarpsomroppe. Der binne aardich wat stripkjes ynstjoerd, ús tank dêr foar.

De striid gong eins om twa nammen: It Bakbrochje en De Doarpsomroppe. En De Doarpsomroppe hat it dus wûn. Dit wie de einstân: 15 - 12. Seis oare nammen hawwe ek stimmen krige, mar te min. Nochris: ús tank foar de meiwurking.

L. de J.

Kopy foar it folgjende nûmer fan De Doarpsomroppe foar 16 maart a.s. ynleverje op Achterwei 5.

REKKENSKIP

Dit is de earste kear, dat de lêzers fan dit blêd hjirboppe nammen fan samlers stean sjogge. Dat sit sjesa. Yn'e jannewarismoanne stie ik yn it kantoor fan De Groot, de printer fan dit blêd, sa't jim witte, te kleien oer it doarpsblêd. It woe blykber mar neat wurde, der stie hyltyd mar minder yn en it waard hyltyd mar tinner en folle net genôch. "Ja, mar", wie it wjerwurd fan'e minsken dêr, "wy kinne hjir ek gjin izer mei hannen brekke. Wy hawwe hjir ús eigen wurk. Wy hawwe it wier net oan tiid om troch it doarp te fleanen en alderhanne stikjes en ferslachjes te sammeljen. It kontakt mei de advertearders giet oer de tillefoan en dat heart sa net, persoanlik kontakt is folle better en aardiger, fansels. Mar wy hawwe hjir tefolle izers yn't fjoer. It giet sa net goed mei it doarpsblêd, dat witte wy ek wol. As it wat wurde sil dan moat der help komme út it doarp wei, en oant no ta ha wy dy net krige, útsein de alderearste kears. Mar neitiid net wer". Doe haw ik tasein om der, as it my mooglik wie, wat oan te dwaan. It soe skoof en skande wêze as it doarpsblêd weiwurde soe om't net ien der in hantaast foar dwaan wol. Ik hie wol yn'e rekken, dat ik it wurk net allinne oan koe en haw doe alderearst besocht om wat minsken te finen, dy't ek wol wat dwaan woene. Dat slagge my en dêrfandinne stean dy nammen hjir boppe. Mar mei in stikmannich samlersnammen is in blêd fansels noch gjin doarpsblêd. Dêr is mear foar nedich. Wy tidigje no op in protte kopij út it doarp wei. Alle ferieningskriuwers kinne har ferslachjes fan jiergearkomsten, útfieringen,

ensfh. yn dit blêd pleatse. De earstelingen stean al yn dit nûmer. Partikulieren, dy't net út namme fan in feriening skriuwe en dochs wat te sizzen hawwe, stjoer mar kopij in. Fan allebeide, ferieningskriuwers en partikulieren, ferwachtsje wy wol, dat se har namme ûnder de kopij sette; yn alle gefallen moat de namme fan in skriuwer of skriuwster by de samlers wol bekend makke wurde. Alle kopij, ek as it om advertinsjes giet, moat no fuortoan nei it adres Achterwei 5. It hat bliken dien, dat der guon minsken binne, dy't miene, dat dit blêd itselde is as de Grietman. Dat is in misbegryp; dit blêd hat neat mei de Grietman te krijen. It hat dan ek nea de bedoeling west om dy namme foar dit blêd te brûken. De namme Grietman is ommers al bûn oan hiel wat oars. Likemin as oan de Grietman hawwe de samlers fan dit blêd in binning, sa't guon tinke, oan de heer De Groot. Dat is ek in misbegryp; De Groot hat gjin inkeld sizzenkip oer de ynhâld fan dit blêd, dat hawwe de samlers en dy allinne. De Groot is de printer fan dy ynhâld en neat mear. Dat is fansels wol tige wichtich wurk. Hy en syn meiwurkers moatte der foar soargje, dat ús doarpsblêd besjen lije kin, alle moannen wer oan. En, om mooglike fragen tefoaren te kommen, de samlers fan dit blêd hawwe ek gjin binning mei Doarpsbelang of mei de Mivero of mei hokker oare feriening of persoan der ek mar betocht wurde kin. Mei oare wurden, de hannen fan de samlers binne net bûn, de samlers binne frij yn har dwaan en litten en dat, is it betingst om fan dit blêd in doarpsblêd te meitsjen.


L. de Jong.

EVEN RECHT ZETTEN

Verwarrende berichten en meningen omtrent ?-krant of Grietman-krant? De Grietmancommissie en Mivero heeft niks te maken met de ?-krant, omdat deze hier ook geen zitting in heeft of iets dergelijk. (De vraag kwam uit verschillende hoeken waarom de naam Grietman niet gehandhaafd bleef). Vandaar dat de naam Grietman ook niet door anderen gebruikt kan worden. De Grietmancommissie is een eigen organisatie met een eigen beleid, maar werkt wel nauw samen met de Mivero. De Grietman heeft zijn eigen nieuwsblad/krantje voor activiteiten, maar zij is wel bereid om alle Grietmannieuws ook in de dorpskrant te vermelden.


Grietmanorganisatie
H. Herder
W. Welling

FERIENINGSNIJS



VOGELWACHT OUDEGA E.O.

Het begrip vogelwacht of vogelwachters wordt door veel mensen nog in een verkeerd daglicht geplaatst. Veel mensen menen nog dat dit lui zijn die alleen maar eieren zoeken. Ik zal met dit schrijven proberen U het tegendeel te laten zien. Onze taak als vogelwachters is lang niet zo gemakkelijk als U misschien wel denkt. Elke vogelwachter die mee doet aan de nazorg, moet in de periode van half april tot begin juni, soms langer, paraat zijn. Nazorg is het proberen om legfels en jonge vogels van iedere weide- of watervogel te sparen, in de tijd dat de veehouders druk op het land bezig zijn. U kunt wel begrijpen dat dit veel in samenwerking met de veehouders gaat. Dan zijn er nog mensen die zich bezighouden met nestkastjes in vele soorten, ook dit brengt veel controle met zich mee. Van alle gevonden nesten, en nestkasten die bewoond zijn, worden de gegevens op papier gezet, dit wordt later doorgegeven aan de R.F.V.W. Dit is de bond waar wij lid van zijn, en die met plm. 20.000 leden de grootste vereniging in Nederland is, op vogel beschermingsgebied. Het ligt voor de hand, dat niet al onze leden met dat werk bezig kunnen zijn. Veel mensen kunnen niet eierzoecken of zien daar het nut niet van in. Toch geloof ik dat eierzoecken van belang is, om goede veldmensen te krijgen in de toekomst. Nu moeten die leden die niet meedoen of kunnen meedoen, aan ons veldwerk, niet menen dat ze van geen belang zijn. Integendeel, misschien zijn het met hun bijdrage wel de belangrijkste mensen om de zaak aan de gang te houden. Al ons werk kost namelijk nogal wat geld, hetzij voor nestbeschermers enz. Vorig jaar is het ooievaarsnest geheel door ons en de jeugd opgeknapt, dit kostte alleen al meer dan f 500,-. Gelukkig krijgen we veel afvalhout voor de nestkasten, van onze plaatselijke aannemers. De ooievaars, waar we als vogelwachters ook nauw bij betrokken zijn, kom ik misschien in een volgende krant op terug. Mocht U belang stellen in ons werk, dan kunt U altijd lid worden van onze vogelwacht, dat kost f 5,- per jaar. U doet er ons en de vogels veel plezier mee.



De voorzitter,
K. Welling

N.B. Het gebeurt vrij regelmatig, dat mensen, die uit wandelen gaan, de hond meenemen. Hier is natuurlijk niets op tegen, maar houd hem in het broedseizoen a.u.b. aan de lijn. Vorig jaar is het in Gealanden gebeurd, dat een hond een broedende eend op het nest dood beet.

in onze dienstverlening:
„FOTO SERVICE”
Foto ontwikkelmateriaal

Voor de allermooiste foto's:

- * geplastificeerd papier
- * zijde raster geprint
- * zonder rand
- * geen porto - adm. kosten
- * snelle afwerking

GRATIS EEN FILM
en een aanzichtkaart repro. uit 1920

FOTO PRUIKSMA

Tevens:
vergroten/deelvergroten
tegen gereduceerde prijzen
inlijsten
(houten lijst - ontspiegeld glas)
fotoblocs zelfklevend
9-13 tot 60-90

Nijs út "IT BUTHUS"

Nei oanlieding fan in eksposysje yn 'e Lawei galery hat cursuslieder O. de Vries in oansyk krigen om yn in greate blomisterije yn Rypstjerk in útstalling to fersoargjen. Der sil prebearre wurde om de ferskate skilderswerken sa yn 'e es to krijen, dat men in goed ynsjoch krijt yn what in amateurskilder ut 'e wei sette kin. Tagelyk mei de iepening fan disse ferkeapblommekas sil der dan dus ek wurk fan cursus "It Buthus" to keap wêze. Mochten jo belangstelling yn it dwaen en litten fan 'e cursus ha, binne jo wolkom moandeimiddei's of jouns, tysdeimiddeis of jouns, it is wissengrif een tige aardige freyetydbesteding foar âld sawol as jong.

Oan't sjen
"It Buthus",
Op 'e Wal 4, Aldegea.

De âlderjoun dy't freed 13 febr. west hat, wie wer krekt lyk as oare kearen, o, sa gesellich, mei in protte lawaai fansels, hoe kin't ek oars, mei sa folle bern dy't sokke jounen alhiel oerstjoer binne. Wiken fan te foaren hawwe se it drok hân mei rippetearjen, jouns op bêd de stikjes noch ris oerlêze, se woenen it goed nei foaren bringe. Mar doe ynienen wie it efkes gebeurd mei alles. Der rekken bern siik, ja safolle dat der noch mar acht bern yn't lokaal sieten. Dit wie wat, want safolle tiid hiene se nou ek wer net. Master Bus en juffrou Smidt hawwe tink ik wol efkes mei de hannen yn't hier sitten. Der koe sa net rippeteard wurde. Mar stadichoan kamen de bern wer op skoalle en moasten se wer gau oan 'e slach. Se hawwe it oprêden. Juffrouw Smidt die har bêst foar klas ien, twa en trije. Se hawwe geweldich songen en teniel spile fan de Maitiid, Simmer, Hjerst en Winter. En master Bus hat soarge foar klas fjouer, fiif en seis. Dounskes op muzyk fan Abba en ek de tenielstikjes kamen knap nei foaren. Hast alle âlders wienen wer oanwêzich en ek paken en beppen net te ferjitten. Yn 't skoft krigen de bern drinken en koeke en der waerd kofje skonken. Der waerd wer in ferlotting hâlden, dy't in bytsje út de hân roun (miskien koe dat in oare kear better mei enfeloppen?), want nei 't skoft moast der noch hiel wat dien wurde. En nou wol ik dit noch efkes sizze: In oare kear yn 'e seal hjir en dêr in prulleamer, dan hoegge de bern de pattatbakjes en oare rommel net wer oer de groun te smiten. It is mar in raer gesicht. Mar al mei al is de âlderjoun tige slagge!

F.J.A.

EKSKURZJE CRAENS

Wy, d.w.s. de leden fan de strjitferiening "De Trijesprong", krigen okkerdeis in útnoeging fan ús meileden J. en W. Craens om yn 'e jûntiid fan 18 febr. by harren te kommen en besjoch it bedriuw ris. Der wie wol belangstelling, likernôch 25 fan ús leden kamen opsetten, manlju en froulju. Wy waarden earst nei de tsiismakkerij laat en hawwe dêr mei niget harke nei it hoe en het fan tsiismeitsjen. Sa hearden wy, dat der by Craens folfette goudske boeretsiis makke wurdt fan rauwe molke. Mar by Craens wurdt net safolle "gewoane" tsiis makke, meastepart binne krûdetsizen. Dy wurde ferkocht op 'e merk yn Drachten en Grins en it oare diel komt oer de gruthannel yn 'e winkels telâne. It ferkeapjen leveret gjin swierichheden op, ha wy fernommen.


Nei de útlis yn 'e moderne tsiismakkerij ha wy noch efkes meiinoar buorke en de Antsjes en Jankes besjoen. Dat wie nuodlik, hear, dêr efter dy bisten, hja diene har wiet en droech soms suver by ús yn 'e jaspûsen. Sy sille wol wat feralterearre west ha fan safolle besikers op 'e lette jûn, tink.

It wie yn allen in nijsgjirrige jûn, sa komt men ek ris te witten wat jins buorlju eins dogge.

L. de J.

In 1936 is de vereniging opgericht door Dominee Carsjens. Thans wordt deze geleid door Mevr. T. Bruinsma-de Vries en bestaat dus deze herfst 45 jaar. De vereniging telt nu 36 leden en de vaste bijeenkomsten zijn 1 keer in de 14 dagen op woensdagavond. Er worden diverse activiteiten georganiseerd zoals spreeksters, film-, dia- en bingo-avonden. 21 Januari was het volksgebouw geheel bezit met dames, de leden mochten een gast meenemen en in totaal waren er 20 gasten. Deze avond sprak Mevr. Krist over de Kinderboerderij en Maartenswouden, het was een interessante en boeiende avond. De vrouwenvereniging van Eernewoude komt 4 maart op bezoek. Mevr. Sterk zal dan praten over anonieme alcoholisten. Verder staat er deze herfst een bazar op het programma. Zoals u ziet is dit ook een levende en actieve vereniging. Toch kunnen er nog wel nieuwe leden bij. Neemt u daarover contact op met iemand van de vereniging of het bestuur.

Secr. C. Welling-Elzinga.



*Voor een
- koel glas bier
- een fijne borrel*

*De gehele week geopend vanaf 10 uur
(woensdags gesloten tot 's avonds 8 uur)*

Div. soepen, uitsmijters en warme snacks

*Als vanouds het stamcafé waar u rustig
een kaartje kunt leggen*

Buorren 11a, Oudega (Small.)

Tel. 05127 - 1644

Tot ziens bij Joop en Nel

AAN DE BEWONERS VAN OUDEGA

Op woensdag 28 januari j.l. hield de muziekvereniging "Looft den Heer" haar jaarlijkse ledenvergadering. Hierop werd o.a. besloten een klein verslag van de activiteiten en het verdere reilen en zeilen van het muziekkorps in de dorpskrant te publiceren. Het verslag werd ontleend aan het op de vergadering voorgelezen en besproken jaar- en financiële verslag.

Onder leiding van onze dirigent Klaas van der Woude uit Dokkum werd in 1980 aan de volgende gebeurtenissen medewerking verleend:

- 26 februari - Grietmansconcert in het Miensker.
17 maart - Concours in de Lawei.
Tot onze teleurstelling behaalden we slechts een tweede prijs met "Devon Fantasy".
16 april - Donateursavond.
Hoewel onze dirigent overdag nog ziek in bed lag, verscheen hij 's avonds gelukkig toch nog in Oudega.
30 april - Concert ter ere van Koningin Juliana en Koningin Beatrix; in samenwerking met Apollo-Foarút.
10 juli - Braderie in de Buorren.
Als boerenkapel traden we op. Ook verkochten we lootjes en hielden een prijsvraag.
15 augustus - Boottocht, met o.a. een klein concert in Eernewoude.
5 en 6 september - Dorpsfeest.
Samen met Apollo-Foarút namen we deel aan de optocht.
19 september - Opening van de nieuwe sporthal "De Kampslach".
24 september - Smederij Welling bestaat 200 jaar.
We brachten een serenade samen met Apollo-Foarút.

- 3 oktober - Het Groene Kruis viert zijn vijfenzeventig jarig bestaan. Als boerenkapel traden we op.
8 november - Grietmansconcert in het Miensker.
15 november - Concours in de Lawei.
Opnieuw werden onze inspanningen met een tweede prijs bekroond.
25 december - Ondanks wind en regen toog 's morgens vroeg (plm. 6.00 uur) een dapper groepje er opuit om kerstliederen te spelen.
26 december - Zangdienst in het Miensker.


Wat betreft de financiën, hielden we in 1980 nog net het hoofd boven water; we sloten het jaar namelijk af met een positief saldo ad f 48,46. Hierbij moet echter wel opgemerkt worden, dat dit een enigszins scheefgetrokken beeld geeft van de financiële positie van het korps. Enkele leden hebben namelijk zelf instrumenten aangeschaft, ter waarde van ca. f 4500,-. Bovendien heeft het korps nog een lening lopen bij de gemeente, die zij in 1972 moest aangaan voor aanschaf van muziekinstrumenten. Maar deze zijn inmiddels al weer bijna aan vervanging toe. Wij hopen echter met diverse akties niet kopje onder te gaan.

Verder willen we nog meedelen, dat het bestuur er na deze vergadering als volgt uitziet:

Voorzitter : Wiebe Jongsmā
2e Voorzitter : Siepie Riemersma
Secretaresse : Tineke Kooistra-Jelsma
Overige leden : Sarie Bouma
: Douwina de Vries

Penningmeesteres, geen lid van het bestuur : Bettie Wijma-v.d. Wal

Muziekvereniging "Looft den Heer"
Oudega Sm.



Autohandel - Sputinrichting Schadereparatie


NU OOK DIESELolie VERKRIJGBAAR.

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777

Christelijke Plattelands Vrouwen Bond

De Christelijke Plattelands Vrouwen Bond, afd. Oudega hield 10 februari j.l. haar jaarvergadering. Deze avond werd verzorgd door een ééndagsbestuur van verschillende leden en stond onder leiding van mevrouw Zandstra. Deze heette ons allen hartelijk welkom. In het bijzonder het bestaande bestuur. We zongen samen enkele verzen uit gezang 441. Waarna een meditatie en gebed volgden. Nadat mevrouw Tj. Toering - Hietkamp de notulen gelezen had, kwam het jaarverslag aan de beurt. In dit jaarverslag kwam ondermeer naar voren, dat er verschillende cursussen waren geweest. Zoals de Hinde-loopse Schildercursus, Spincursus en Haakcursus. En dat onze afd. 140 leden telt. Gemiddeld komen er plm. 100 leden op onze vergaderingen. Hoe we er financieel voorstonden vertelde onze penn. mevr. P. Oosterhof - Mulder. Onze pres., mevr. G. Weijer - v.d. Iest kreeg hierna het woord om wat zakelijke dingen te regelen. O.a. de ziekenbezoekjes en om een collecte te houden voor de Geref. Kerk, die 12 maart a.s. heropend zal worden. Na deze mededelingen kwam het ééndagsbestuur in actie. Eerst traden voor ons op de Gezusters Wijma - Hoekstra met het oude lied "Roel en Trijn", die de wijde wereld in wilden trekken. Na dit kwam het A.B.C.-spel aan de beurt. De dames die hieraan meewerkten hadden van iedere letter van het A.B.C. een rijmpje gemaakt op een willekeurig lid van onze C.P.B. Zoals b.v. de letter R. van Romke's Fokje. Die heeft een naam die klinkt als een klokje. Een C.P.B. lid zoals het behoort. En heeft voor elk een vriendelijk woord. Na dit mooie gedichtenspel kregen we pauze, waar de tongen weer even los kwamen. Na de pauze gingen de "bejaarden" hun gymnastiek aan ons tonen. De trainster mevrouw Zandstra had de "oudjes" goed in beweging. Er werd heel wat afgelachen, vooral met de grondoefeningen, waar de zwarte rokken soms eventjes wat te hoog gingen. En toen stond plotseling "agente Jonker" in de zaal. Deze had klachten binnengekregen van vrouwen, die dingen kwijt waren. Die konden wel eens gestolen zijn door andere vrouwen. En ja hoor, toen onze "agente Jonker" de zaal door ging, ontdekte hij bij Ele Geertje een grote tas onder de stoel. Dus moest Geertje even mee komen met de agente. Daar bleek dat de spullen die enkele leden al een paar dagen kwijt waren in de tas zaten. Zoals b.v. de muts van Andries Jeltje, waarom ze het hele huis had doorgezocht. Het was verrast te zien hoe de dames hier op reageerden. Na dit oponthoud kwam er een t.v.-uitzending. Deze stond in het teken van onze C.P.B. Met als eerste onderdeel het jaarnaal, dat netjes werd voorgelezen door Wietske van Hottum. Het onderdeel "kenmerk" werd nu in beeld gebracht. Hierin interviewde mevr. Nolles enkele dames en vroeg hen hoe ze in het algemeen over de Vrouwen Organisaties dachten. Ook een koortje "Zanglust" bracht voor ons een modern Bondslid naar voren. Het spel "Wie van de 3" kwam nu aan bod. 3 Dames die alle 3 beweerden lid van de C.P.B. te zijn, moesten vragen beantwoorden van de 3 panelleden. Dit werd op een humoristische wijze naar voren gebracht. Uiteindelijk bleek dat alle 3 dames lid waren van onze



CORSETTERIE

Corsetten en B.H.'s passen
en kopen bij u thuis

Voor deze kostenloze service
kunt u terecht bij:

Mevr. A. ter Wisscha - Bleeker
Sânbuorren 5, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1950

Gediplomeerd corsetière

Belt u gerust eens vrijblijvend voor een afspraak

Uitsluitend bekende kwaliteitsmerken

OOK
Steunkousen, protheses, ondergoed

K.v.K. nr. 64967

C.P.B.

Tot slot kwam Wietske van Hottum nog met het laatste jaarnaal en de weerberichten voor de volgende 2 maanden.

Het was een afwisselend programma, waar in veel gezegd en verteld werd. We hebben samen nog gezongen het mooie lied "Wil U, o God, mijn dank betalen". Hierna bedankte onze pres. mevr. Weijer alle dames die aan deze geslaagde avond hadden meegewerkt. We hebben nu gezien dat het best mogelijk is om met eigen leden een mooie avond te verzorgen, aldus de presidente.

Mevrouw Zandstra maakte de opbrengst van de collecte voor de kerk nog bekend en wenste ons allen een "welthuis" toe.

De volgende vergadering van onze C.P.B. is op 10 maart a.s. Dit is een avond van de Stichting Huis-houdelijke Voorlichting in samenwerking met "Het Baken". Onderwerp:

Energiebesparing in huis.

7 april verzorgt Modehuis Blom uit Drachten een modeshow voor ons. Gasten zijn hier ook hartelijk welkom.

alg.-adj. Tj.T.-H.

NU NOG MEER SERVICE IN ONZE VERGROTE
WINKELWAGEN



Jachtweide 7

Oudega

telefoon 1652

✦ R. v.d. VELDE ✦

Aldegeaster damklup

It giet oant no ta net sa min mei de damklup. It tal leden is de lêste tiid in bytsje grutter wurden en yn'e kompetysje kin de klup ridlik goed meidwaan. De klup hat ien grutte winsk: se soe der graach in jeugd-ploech by hawwe wolle fan jonges en famkes fan 8 - 16 jier. Jonges en famkes fan dy jierren, dy't dit lêze en der sin oan hawwe, kinne har oanjaan by P. Feddema, Dwarssingel. De risseltaten, dy't de spilers yn'e kompetysje behelle hawwe, sjogge der op dit stuit sa út:

Groep I	
Ha.J. Jonker	11 - 15
W. Wijma	13 - 15
L. Houwink	10 - 13
F. Kooi	10 - 13
U. Tjeerdsma	13 - 13
J. Jansma	10 - 11
J. Bruining	12 - 11
G. Tjeerdsma	12 - 11
O. Kooi	10 - 10
S. de Graaf	12 - 10
He.W. Jonker	9 - 9
D. Tjeerdsma	10 - 9
Ha.W. Jonker	10 - 8
S.J. Jonker	10 - 7
K.W. de Vries	10 - 7

IN ONZE MODERN INGERICHTE
SLIJPERIJ KUNNEN WIJ SNEL
EN VAKKUNDIG VOOR U SLIJPEN:

- | | | | |
|--------------------------------|---------------------|-------------------------|-------------------------------|
| ● handzagen | ● beitels | ● veescheermesjes | ● schaatsen (houten en noren) |
| ● cirkelzaagbladen (ook widia) | ● messen en scharen | ● hand- en motormaaiers | |

★ ★ ★ VLOTTE SERVICE - LAGE PRIJZEN ★ ★ ★

Vraag vrijblijvende inlichtingen bij:

D A. Th. de Boer en Zn. b.v.

D landbouwbenodigdheden, tuinartikelen en gereedschappen
drachten, folgeren 16, tel. 05120.18205



Groep II	
Joh. de Graaf	14 - 27
S. Siebenga	11 - 14
O. Roukens	11 - 13
B. Klijnstra	14 - 13
D. Jonker	11 - 12
G. de Vries	7 - 10
Tj. Jonkhoff	11 - 9
Gr. Wijma	14 - 8
Sj. Reitsma	9 - 7
Kl. Jacobi	9 - 6
D. v.d. Mei	9 - 6
Cath. Bouma	10 - 5

Foarste rige sifers: tal spile wedstriden.
Twadde " " : tal punten.

Kampioenen

Op tongersdei 22 jannewaris hat op it boartersplak foar de kristlike basisskoalle de hiele dei de flagge wappere. Mei rjocht en reden, want Rinse Harmsma, Jan de Jong, Roelof de Jong, Peter Toering, Goaike de Vries en Grietsen Wijma hiene in dei earder in opfallende prestaasje levere. Hja hawwe op it damtoernooi fan basisskoallen de measte punten wûn en wiene dêrmei kampioen fan Smellingerlân. Seis jier efterinoar hat de ploech fan de Drachtster Skoalle "De polsstok" nûmer ien west, mar diskear stieken de Aldegeasters mei de priis ôf. Tige jonges! Twa leden fan de damklup, Gerben Tjeerdsma en Siebe Siebenga hawwe wakker mei de bern oefene en dat hat fertuten dien. No moatte se op 11 april nei Deventer ta om mei te damjen yn'e kwartfinale om it lanlik kampioenskip.

L. de Jong.

**DE LOVABLE SPORTBEHA
DIE ZIT!
EN LEKKER!**



**45% katoen, wit en
huidkleur 24.95**

Lovable

KOOISTRA'S

TÉXTIEL

BUORREN 22 TEL. 258 / b.g.g. 218

OUDEGA (SM.)

RIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLESRIJLES



hoog geslaagdenpercentage heeft:

Autorischool W. Pijl - Ureterp

u bent niet langer dan 2 uren van huis!
elke week theorieles!!
wij rijden in nieuwe Opels Ascona.

aarzel niet langer, maar wees wijs
en haal bij deze jongens uw rijbewijs!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!

gedipl. instructeurs	Wiebren Pijl	- Ureterp	05125-2151
	Geert v/d Klijn	- Drachten	05120-15210
	Niek Zwart	- Surhuisterveen	05124-3144



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

**A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA**

Tûke slachter

Der wennet yn ús doarp in man, dy't in sport keazen hat, dêr't wol net folle Aldegeasters oan meidwaan sille, liket my ta. Ik doel hjirmei op ús doarpsslachter O. Pietersma. Pietersma hat de sjitsport keazen, hy is skerpskutter en docht as sadanich mei oan wedstriden yn it s.n. klaaidowesjitten. En soks falt om'e deale net ta, want in masine slingert dy "klaaidowen" de loft yn mei in faasje fan 120 km yn'e oere! It réaksjefermogen fan'e skutter mei dus neat oan miskearje, oers is er te let. Pietersma syn réaksjefermogen is wol yn oarder; hy wûn koartby yn De Sweach, yn Dantumadeel en Yn'e Soest-pleats te Burgum de earste priis. Yn Tytsjerksteradeel krige er de twadde priis, om't er as net-ynwenner fan dy gemeente dêr gjin kampioen wurde koe. Boppedat mei er dit jier meidwaan oan it Nederlânsk kampioenskip klaaidowesjitten yn'e H-klasse (heechste klasse). Yn in petearke mei Pietersma die it bliken, dat er him mei de measte hânfoerwapens moai aardichjes rêde kin. Hy sjit suver mei alles, útsein it kanon.

Sukses!
d.J.

■ **Jagers die dit seizoen reebokken of volgend jaar reegeiten en kalveren willen afschieten kunnen daarvoor aanvraagformulieren opvragen bij de Directie Faunabeheer, postbus 346, 2700 AH Zoetermeer. Wij kennen mensen die al jaren bokken schieten zonder vergunning.**

■ **Kierenjagers kunnen voor een afplakvergunning terecht bij het ministerie van Economische Zaken.**

■ **Wist u dat 32 procent van de bedrijfsongevallen in de landbouw blijvende invaliditeit tot gevolg hebben? In andere bedrijfssectoren ligt dat gemiddeld op 25 procent.**

■ **„De veiligheid in de landbouw laat aardig te wensen over”. Dat vindt ir. P. de Putter, hoofd landbouwkundige dienst van het directoraat-generaal van de arbeid van het ministerie van Sociale Zaken in Voorburg.**

AS JO ÚS KWALITEIT IEN KEAR KINNE
IS DER GJIN BETTER, SA FIER KIN JO NET RINNE
DUS FOAR WAT APARTS OF FOAR IT GEWOANE
KOMME JO BY ÚS TELÂNE
ALLES KIN WY THÚS NOCH SLACHTSJE
EN DE KWALITEIT IS SA'T JO'T FERWACHTSJE
FOAR HÚSSLACHTING EN AL WAT MEAR
KOM NEI ALDEGEA
EN WY MEITSJE IT FOAR JO KLEAR
WANT IT IS KREKT SA'T DE MEASTEN SIZZE:

**foar wat goods,
moatte jo nei Oeds . . .**

**Slachterij
Oeds Pietersma**

Sânbuorren 19 – Aldegea

Telefoan 05127 - 1241



de
èchte
groenteman!

Het adres voor

Iste klas

-aardappelen
-groenten
-fruit

Folkert de Haan
Tel. 05127 - 1414

HISTORIE

Mear wite fan eigen krite.

DE ALGEASTERDYK

In âlde dyk.

Langlêsten stie ik mei ien út'e Aldegeaster âlderein te praten op'e Aldegeasterdyk. Dêre dêr't Kilometerwei, Hegewei en Aldegeasterdyk byinoar komme. Wy hiene it oer de lêste en wy wiene it der aardich oer iens, dat wy dêr op histoaryske grûn stiene. Dy wegen binne alle trije ald, hiel ald. It wurd Kilometerwei is nij, mar de wei net; op âlde kaarten stiet Hearrewei en dat wol dus sizze, dat de Kilometerwei oars net is as in part fan de wei Nijegeasterhoeke - Sumar. En dan haw ik it fansels oer de âlde wei, net oer de nije autowei nei Burgum. Dy âlde wei neame wy noch altiten Hearrewei, d.w.s. wei fan de hearen. Dy hearen, dat wiene de bestjoerders fan de

gritenijen en stêden fan Eastergoa, namen op'e 23e july yn 1453 it beslút, om yn harren gebiet wegen oan te lizzen en te ûnderhâlden, om de keaplju gelegenheid te jaan om op'e jiermerken fan Holwert, Ljouwert en Smelle Ie te kommen. De lêste waard yn'e 17e ieu te Aldegea holden. De gritenij Smellingelân, grytman wie doe Sicke Fokelema, moast yn syn gebiet in wei oanlizze fan Tytjerksteradeel ôf oant de grins fan Opsterlân. Dy wei troch ús gritenij neame wy hjoeddedei Hearrewei en Hegewei. En in eintsje fan de Hearrewei hat de namme Kilometerwei krige. Dy niisneamde hearen koene yn 1453 wol it beslút nimme, mar de wei kaam datselde jiers net mear ree, fansels. Hoenear't it kerwei ree kaam wit ik net. Mar âld is de wei wol, fansels. En nei alle gedachten is de Aldegeasterdyk noch âlder as de oare twa. Mei rjocht en reden koene wy dus prate oer histoaryske grûn.

It is dochs wol nijsgjirrich, dat wy it altyd hawwe oer de AldegeasterDYK, wylst wy oars altiten prate oer in WEI. Niis neamde ik al Hearrewei, Kilometerwei en Hegewei. Fierders ha wy hjir ek noch: Foar-

Rabobank



ook voor Uw:

* REIZEN

* VERZEKERINGEN

* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

telefoon 05127 - 1533


wei, Achterwei, Fabrykswei, Great Haersmawei, Gariperwei, Heawei en Manjepetswei. Mar tusken al dy wegen as ienling: AldegeasterDYK, krekt as op'e klaai.

De silen.

No brûke wy hjir fansels it wurd dyk wol. As lân tsjin it wetter beskerme wurde moat, dan lizze wy der in dyk omhinne, in polderdyk, want in dyk moat wetter keare. No, dat hat eartiids de Aldegeasterdyk ek dien: wetter keare dat út it suden wei opsetten kaam. En wie der oan'e noardkant te folle wetter, dan liet de Aldegeasterdyk dat troch. Foar trochlitten fan wetter moatte der iepeningen wêze, en dy wiene der, twa kreaze, fan giele Fryske stientsjes mitsle silen, oan wjerskanten fan it betonnene brechje ien. Wide silen moatte it west ha. Guon út 'e Aldegeaster âlderein, dy't der noch heugenis fan hawwe, rûze dat de silen kräpoan in meter yn troch-sneed wiene. As bern rûnen hja der wol troch fan de iene kant nei de oare, as by't simmer de silen droech leine. No brûk ik wol hyltyd it wurdje WIENE, mar dat is net krekt, want neffens dyselde âlderein lizze de silen der noch altiten, wy sjogge se allinne net mear om't de útskoaten tichtgroeid en folgoaid binne, want de silen wurde al hiel lang net mear brûkt.

Wêr't hja lizze? De earste syl leit net fier fan it doarp ôf. Krekt foarby de bruorren Mulder sjocht men in soarte fan loantsje it noarden yn gean, de Nonneloane. No, ien stik lân fierder as dat loantsje, rjocht foar de brede sleat oer dy't men dêr sjocht, dêr leit de earste syl. De twadde leit oare kant it brechje, rjocht foar de eastlike hiemsleat fan Foppe van der Veen oer.

As eartiids it wetter oan'e súdkant fan'e Aldegeasterdyk heger waard, dan waarden de silen sletten. Dat die it opkommende wetter sels. Oen'e súdkant hongen der ntl. houten lidden foar de silen, dy't oan'e boppenkant draaie koene mei in knier. Mar stie it wetter oan'e noardkant it heechst, dan treau it wetter de lidden iepen en it oerstallige wetter fan de Wierren en de Gerskampen koe fuort rinne.



Foar 1920 (yn dat jier begûn it Woudagemaal by De Lemmer te meallen) barde it wolris, dat de minsken mar amper mei droege fuotten oer de Aldegeasterdyk rinne koene.

It fjild oan'e noardkant fan de Aldegeasterdyk hjit Gerskampen en noardlik dêrfan lizze De Wierren.



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkerguod yn Aldegea

Waarme Bakker
J. JELSM A

Boarnburgum

Tilifoon 05126 - 1215

Yn De Wierren siet klyn (is fean, turfgrûn) en yn 1824 begûnen se dêr te feantsjen, te turfmeitsjen, yn 't oanbegjin allinne mar wat foar eigen gebrûk. Dat feantsjen is troch gien oant nei de earste wrâld-oarloch. Yn'e hjerst en yn'e winter wie der yn'e feanterij neat te ferstriken, mar yn'e maitiid begûn de bannige tiid. Dan woene de feanters o sa graach it oerstallige wetter kwyt, wat leger it wetter stie wat noflikker it arbeide. Der hat jierrenlang in pomp stien by de earste syl, om it wetter út De Wierren wat gauwer fuort te krijen. Dy pomp, dy't hiel wat mânsk wie, waard oandreaun troch in lokomobyl, troch in stoommasine dus. De masinist, dy't mei it hiele spul rêde moast, wie Jelle de Vries, dy't yn Aldegea ornaris Jelle Stoker neamd waard, fanwegen it wurk, dat er troch 'en dei die.

Der hat by de earste syl ek noch in hûs stien, eartiids. No ja, hûs, it wie mear in klinte as in hûs. Yn'e tiid dêr't wy it no oer ha wiene de bewenners in Jan Brantes mei syn wiif Tsjaltsje. Neffens myn sisman wie Jan net in bêstenien, in wreden hont en in sûplap. Hy smiet Tsjaltsje wolris de klinte út en liet har soms in hiele nacht bûtendoar omdoarmje. Doe't Tsjaltsje widdo wie hat se op'e Sânbuorren wenne, yn't hûs, der't Rinse van der Velde no yn wennet.

De beammen.

Wa't geregeldwei de Aldegeasterdyk del komt is it grif wol opfallen, dat der twa soarten beammen stean: iken en iperenbeammen. No doel ik fansels op dy mânske, hege, âlde beammen. Wol wat nuver eins, twa soarten beammen oan ien dyk. Der waard my ferteld, dat de eigners fan de oanswettende stikken lân eartiids de kar krigen fan de beamsoarte, dy't foar har lân oer stean moast. Oan harren soene wy it dus te tankjen hawwe, dat dy beide beamsoarten der stean. Mar myn ferteller doarst net foar de wierheid yn te stean.

It gongelpaad.

It moat elkenien, dy't de Aldegeasterdyk del komt, wol opfalle, dat de berm oan'e súdkant fan'e dyk sa breed is. Dat komt dêrfandinne, dat der eartiids yn'e suderberm in gongelpaad lei. Net befluorre mei tegels fansels, want dy wiene der doe net, net foar paden teminsten. It wie ek gjin fytspaad; doe't it oanlein waard wiene der noch gjin fytsen. It is oanlein as gongelpaad. It wie bestruid mei nûnders en sa út en troch, as it paad wat te drekkich waard, kaam der wer in nij laachje nûnderkes oerhinne. Mei houten bartsjes rûn it gongelpaad oer de útskoaten fan de beide silen hinne. Spitich, dat it gemeente-bestjoer dat gongelpaad hielendal fertutearzje litten hat. It hie no in kostlik fytspaad west.

De nonneloane.

Krekt de pleats fan de bruorren Mulder foarby sjocht men in soarte fan loantsje de Gerskampen yn rinnen. Dat is, it wurd is niis ek al efkes neamd, it Nonneloantsje. Dat rint der mar wat nuver hinne, sûnder ienich doel, soe men sa sizze. Mar neffens de oerlevering moat dat loantsje it lêste eintsje wêze fan in folle langer loane of wei, dy't alearen yn it suden oan it Smeliester Sân ta rûn en yn it noarden oan it nonnekleaster ta fan Sigerswâld by Garyp. It soe dus de ferbiningswei west ha tusken dy beide kleasters. It lêste eintsje dêrfan leit tsjin de Aldegeasterdyk oan.

(Tenei mear oer de Aldegeasterdyk)

L. de Jong.

Nu bij ons te zien en te rijden:


De Datsun Cherry '81. Nu ook leverbaar met krachtiger, 1,4 liter motor. Voor een feller acceleratie en een hogere top.

Of juist om rustiger te kunnen rijden, voor een langere levensduur.

De vlotte, sportieve lijn van de Cherry is dit jaar nog eens verjongd met vierkante koplampen, een strakke grille, zwarte kunststof bumpers en grotere achterlichten.

In deze Datsun zit natuurlijk weer alles wat maar functioneel en comfortabel is. Kom eens kijken.

Kom eens proefrijden.
Datsun Cherry reeds vanaf **13.395,-**



**auto bedrijf
drachten bv**

de hemmen 1, drachten,
tel. 05120-12100-14967.

Datsun Cherry '81.

Meer kracht onder de kap, jonger van lijn.

Afgebeeld Datsun Cherry 1400 GL. 4-bak v.a. 15.995,-.
Prijzen incl. B.T.W. af Lisse.



Reken op Datsun.

MEIDIELINGS

- 6 maart Alderjûn fan kristlike legere en beukerskoalle, 19.30 oere yn it Miensker.
12 maart Iepening fan de nije griffermearde tsjerke.



Op 16 maart wurdt der yn Ljouwert in feestlike jûn foar de âlderein halden. It giet út fan it tsjinstensintrum yn Drachten. Der komt in tonielstik en in sjongkoar. Tagong f 4,- p.p.
Opjaan by O. Kooistra, Dwarssingel of J. de Jong, Achterwei.



De muzykferiening "Looft de Heer", haldt har stipersjûn net op 20 febrewaris, lykas earder oankundige is, mar op 25 maart o.s.

TE KEAP

Hechthouten wedstriid kano, lang 5 m., mei peddels, fraachpriis f 275,-, till. 1726.



Houten fiskboatsje, lang 2.75 m., br. 1.10 m, mei flonder en slachrimen, fraachpriis f 225,-. Sa mooglik mei kano ruilje tsjin in sylplank.



ôf te heljen: 2 luie stuollen, ien mei ferstelbere bekleng, en in leech houten tafeltsje. Oan'e Achterwei 5.



Brûkte jongensfyts, te sjen by F. de Haan, Buorren 42.

FUN

gouden earknopke. Te sjen by F. de Haan, Buorren 42.



Nuveraardichheden út oare blêden

Parkeerbonnen rijzen de pan uit. (Bijtijds 22-1-81).

Daf 33, reiswieg. (idem).

Als enige bakker in het dorp hadden wij niet verwacht dat hij voor ons krantje zou bedanken. (Skoalle-koer).

Gestabiliseerd zand trainingsvelden. (Fr. Dagblad 21-1-81).

Warskôging yn in Hamburgs restaurant: "Türken und Araber dürfen sich nicht länger als 20 Minuten im Restaurant aufhalten". (Der Spiegel 12-1-81).

Wij wensen al onze vrienden, bekenden en cliënten een Vrolijk Uiteinde. (Kommune, Moanneblêd foar Warten en omkriten, dec. 80).

L. de J.

H.H. VEEHOUDERS VAN OUDEGA

Haal meer produktie uit Uw grasland, door het o.a. te laten diepploegen en woelen, egaliseren, frezen en inzaaien.

Ook voor andere werkzaamheden staan we steeds voor U klaar o.a. met: kuilsnijden, mest- en gierverspreiden, greppelfrezen en voor kraanwerkzaamheden. Ook voor doorzaaien en onkruidbespuiting kunt U vrijblijvend inlichtingen winnen. Wij zijn ook in het bezit van een motorkettingzaag, voor het rooien van boomwallen.

Beleefd aanbevolen


Oudega
05127 - 1582
Ernewoude
05117 - 9387

FA. TOERING
Loonbedrijf



PUZZEL

De útslach komt yn it folgjende blêd.



Horizontaal: 1. gereed, 5. lokspijs, 7. dicht oerwoud in het Amazone gebied, 11. kostbare schaal, schotel, 13. gevel uitbouwsel, 15. motor-races, 17. legerplaats, 18. voeg, 19. kosten koper, 20. boom, 22. koning (frans), 23. geheel de uwe, 24. vorm van zien, 25. land in Zuid-Oost Azië, 27. bevestigingsmiddel, 29. groot water, 30. strook, 32. plaats in Noord-Brabant, 33. plaats in Zwitserland, 34. dank betuigen, 36. viertienige strandvogel, 38. lastige keuze, 39. teruggang, 43. kunstenaar, 47. kleur, 48. deel van het been, 50. kleine plaats, 51. kreupel, 52. onbebouwd, 54. ver in de tijd, 56. wilde haver, 57. eigendom van 'n boer, 58. stapel, 60. voertuig, 61. laatstleden, 62. zwartsel, 63. streek in de Peloponnesus, 65. windrichting, 66. welriekende stof, 67. stekelige plant, 69. gemalin van Amphion, 70. Europeaan, 71. stang.

Vertikaal: 1. vat met hengsel, 2. n.v. (duits), 3. woonboot, 4. vreemd, 5. hoofddekseel, 6. uitvoerhaven in Brazilië, 7. kaartterm, 8. gelofte, 9. laatstleden, 10. zinnebeeld van de hoop, 12. razernij, 14. groente, 16. driekroon, 19. pientere, 21. dapper, 24. nul, 26. droog, 28. herberg, 29. onb. vnw, 31. universiteitsbode, 33. haargroei in't gezicht, 34. uitgedroogd, 35. muurholte, 36. kon. mil. akademie, 37. geheel de uwe, 40. gelijk, 41. stad in Belgie, 42. elasticiteit, 44. kinderspeelgoed, 45. land in het Midden-Oosten, 46. klein metaaldeeltje, 48. broekophouder, 49. verborgen, 51. fijn maken, 52. roofdier, 53. dorre, 55. belangrijke kaart, 57. landbouwwerktuig, 59. soort stof, 62. gebogen been, 64. stel, 66. onderwijsinstelling, 68. frans lidwoord.

Ien fan ús leafste recepten:
Vegetarisch resept

Groenten - goelasj

2 preien
2 rode paprika's
250 gr. champignons
4 grote tomaten
75 gr. boter
1 teentje knoflook
snuffje tijm
snuffje basilicum
2 beertjes zure room (ev. vervangen door yoghurt met iets citroen)
1 afgestreken eetl. bloem
1 volle eetl. paprikapoeder
3 bouillonblokjes
Snijd preien, paprika's, tomaten in kleine stukjes. Fruit prei en paprika, op laag vuur, in de boter. (Mag beslist niet bruin bakken). Voeg na één kwartier de tomaten, gesnipperde knoflook, champignons, 1 dl. heet water en bouillonblokjes toe. Dit geheel 10 min. zachtjes laten sudderen. Roer in-middels een papje van zure room (of yoghurt), bloem, paprikapoeder en één eetlepel koffieroom of melk. Meng dit door de groenten en laat het mengsel nog eens, onder af en toe roeren, 10 minuten sudderen. Serveren met zilvervliesrijst en ev. salade.

Wa't fan jim in lekker resept hat kin it ek ynstjoere.

„De Slag”

NOG NOOIT ZO VEEL KEUS GEHAD

Een greep uit onze collectie meubelen:

HOLLANDSE SECRETAIRE, LADENKAST,
KABINET, PENANT-KASTJE, SCHIPPER-
STAART- en STOELKLOKKEN

VERDER 150 ALLERHANDE KASTEN, KISTEN,
BUREAU'S, COMMODES, KAPTAFELS,
SCHRIJFKABINETJES, GLASKASTEN

en verder

duizenden kleine voorwerpen, o.a. porcelein,
aardewerk, koper, enz. enz.

DE MOEITE VAN EEN
REISJE WAARD

Selmien 2 - 9247 TN Olterterp
Telefoon 05125 - 1695 (Ureterp).

Tussen Drachten en Beetsterzwaag aan de weg
achter de zuivelfabriek (2km).

Geopend ma. t/m vr. van 9.00 - 12.00 uur en 13.30 -
18.00 uur, zat. van 9.00 - 17.00 uur. 's Avonds na
telefonische afspraak.

Gebruiksdelen: bloesem - bladeren.

Dit plantje, ons allen bekend, is een éénjarige plant. De bloemen zijn oranje-geel en het plantje geldt als regenwijzer. Is hij 's morgens om 7 uur nog dicht, dan komt er dezelfde dag nog regen. Bloeitijd eind juni - eind oktober. Oorspronkelijk komt dit plantje uit Zuid Europa en wordt sinds de 12e eeuw als inheemse plant in beschutte tuinen geplant, bij boerenhofsteden echter ook als geneeskrachtige plant. Door studie werden een aantal geneeskrachtige stoffen ontdekt o.a. het Calenduline, een carotheenachtige vetstof, die tevens de kleur aan de bloemen geeft.

Calendula wordt gebruikt als wondkruid, het werkt sterk reinigend en bevordert op fenominale wijze de nieuwvorming van weefsel. Calendula tinctuur is te gebruiken als compres op een wond met name de oppervlakkige schaafwonden. Calendula, direkt en vaak gebruikt houdt infectie op een grote afstand. Volkomen gelijkwaardig hieraan is de Calendula zalf. Er zijn goede resultaten bereikt met Calendula voor menstruatiekrampen als het een week tevoren wordt ingenomen.

SAMENVATTING:

De goudbloem is een niet te evenaren wondkruid dat in geen enkele huishouding zou mogen ontbreken voor allerlei ongemakken als wondjes, schaafwonden etc.; waarbij grotere wandoppervlakken verdund moeten worden met 5 delen water.

J. Udema,
Nieuw Roden.

In fraachpetear mei T. de Jong.

Op 27 maart is Tsjibbe de Jong fan doel mei syn húshâlding nei Kanada te gean. Dat is op'e dei ôf trettjin jier lyn dat hja ferfard binne út'e Buorren wei nei de Headammen ta. Om't hy troch syn riedlidskip in bekend man is en "boer wurde yn Kanada" de measten fan ús wol oan't tinken set, haw ik him as earste frege mei hokker ferwachtings er boer wurden wie op'e Headammen en riedslid yn Drachten en wat der fan útkommen is. Hoeden as er is hat er him dêr net oer útlitten, ferwachtings wiene der eins net. Hy is fan betinken dat men de saken dy't op jins paad komme oppakke moat. Hy had de tiid mei hân, mar dat jildt foar eltsenien.

Doe't er trije jier lyn allinne mar foar besik yn Kanada wie seine se tsjin him: "Dû komst wol werom, wa't der ien kear west hat komt wer". "En it liket der op dat se gelyk krijen. It hat ús oan't tinken set. It is in moai, rom en skjin lân, dêr't wat men docht mear foarstelt as wat men oan diploma's en titels hat". En dat sprekt him oan. Men jout inoar dêr de romte, akseptearret mear fan inoar. Dat is eins it ienige wat him hjir wol ris teloarsteld hat, dat de minsken der hjir nèt mear fan meitsje. Hjir jildt tefolle de wet en te min de minske, wis ek yn'e polityk. Syn moaiste ûnderfining as riedslid is west it omgean en praten mei minsken út alle lagen fan'e befolking. Hy hat ûnderfûn dat de knapste koppen yn it minlik flak faak ûnderûntwikkele bleaun binne en op in smel spoar libbe. Dat de waarmte

BIJ SPAR...

KWALITEIT

Kassakoopeje:

Kop en schotel van f 3,25 voor f 2,25
bij tenminste f 5,- aan boodschappen

Fotoalbum van f 5,95 voor f 4,95

Weer in voorraad bloem- en groentezaden
van Wouda, Oranjewoud

Zie verder onze wekelijkse "Spar" folder.

Ons beleefd aanbevelend,

WIEBE JELSMA
"SPAR"-winkelier
Tel. 1439

LAAG GEPRIJSD

en wiisheid gauris komme moat fan'e "gewoane" man of frou om ús hinne.

It duorret noch fjouwer wike ear't hja fuort-sille. Hy is no setboer op eigen hiem en hat de nije pleats kocht mei de betingst dat, mocht ús regear om ekonomyske reden de grinzen slute, de keap dan net troch giet. Om dizze wat theoretyske reden haw ik him tasein it Kanada ferhaal sels yn in folgjende krante te setten.

Hoeden is er, mar der is wol wat mear oer him te sizzen. De man dy't him goed meimakke hat doe't hy foar ús doarp sa warber wie, wie sa reeferdich dêr wat mear oer te skriuwen.

R.J. - U.

Oudega's opberghaven

Na vele jaren van voorbereiding en vele gesprekken tussen Gemeentebestuur en Watersportvereniging Oudega over de grootte en de indeling van de opberghaven, is het werk nu bijna geklaard. Maar toch moet eerst de heimachine nog wat palen uittrekken en inslaan voor de watersportvereniging tevreden is met de indeling. Want er bleek dat na uitgifte van de ligplaatsen veel te veel boten een te grote box toegewezen hadden gekregen, wat voor de betreffende bootbezitters een te groot financieel offer zou betekenen. Ze moesten jaarlijks zo'n Hfl. 200,00 meer betalen dan eigenlijk voor bootlengte noodzakelijk is. Daarop zijn watersportvereniging en Gemeentebestuur opnieuw om de tafel gaan zitten om voor deze mensen een oplossing te vinden. Wij zijn daarin geslaagd door de indeling zo aan te passen, dat het aantal boxen van 2,50 x 6,50 m. uitgebreid wordt tot plm. het gewenste aantal.

De totale indeling is als volgt:

22 boxen van 2,50 x 6,00 m.

19 boxen van 2,50 x 6,50 m.

48 boxen van 3,00 x 8,00 m.

16 boxen van 3,50 x 10,00 m.

4 boxen van 4,00 x 12,00 m.

Zoals u ziet kunnen heel wat boten een plaats krijgen doch de kleine bootjes tot plm. 4,50 m. krijgen geen ligplaats in de opberghaven. Deze bootjes zullen vermoedelijk ontheffing krijgen om aan de polderdijk te mogen liggen. Het toezicht op de haven zal door de watersportvereniging worden gedaan in de persoon van de heer A. Faber. In verband met het toezicht wil de watersportvereniging wel graag dat alle bootbezitters lid zijn van de vereniging. Zodat we met elkaar ook wat toezicht kunnen houden op dat alles netjes blijft, dan kan de haven een pronkstuk voor Oudega zijn.

Watersportvereniging Oudega
secr. B.R. v.d. Wal, Achterwei 17



esa travel counter

BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755*

vliegreizen
cruises
safar'i's
expedities
scheepspassages
groepsreizen

chalets
touringcarreizen
treinreizen
wereldvliegreizen
wintersport
bejaardenreizen



HENK HERDER, 9216 VB OUDEGA, Sânbuorren 1

Tel.: 05127-1400/Rabo nr.: 351300066/Giro 947663

Agrarisch



Allerlei



**DIERVOEDERS voor GROOT en KLEIN vanaf 1 kg
en TUINBENODIGDHEDEN**

Wij bezorgen elke week:

op vrijdagmorgen in:

Oudega, Eernewoude, de Tike, Nijega, Opeinde.

en op maandagmorgen in:

Rottevalle, Boelenslaan, Houtgehage, Dr. Compagnie en Drachten.

De bestelling dient één dag van te voren worden opgegeven.



It "Wetterlieding bedriuw B.V. Ljouwert" is fan doel om yn Aldegea, tsjin Earnewâld oan, in wetteropmeallingsynstallaasje te bouwen. Der binne yn Fryslân fjouwer grûnwetter pompstasjons dy't heechút yn'e takomst 40 mln. m³ per jier leverje kinne. Om't der yn 1990 ferlet is fan 18 mln. m³ p.j. mear drinkwetter, is útwreiding nedich. Yn it lege westen en noardwesten wurdt foar it grutste part sâltich grûnwetter fûn. Op in protte oare plakken yn Fryslân is wol farsk wetter te finen, b.g. ûnder de hegere sângrûnen en it lege midden. De maklikste plakken om wetter op te pompen binne gebieden dy't leech lizze en in tsjokke klaai- of feanlaach hawwe. It oppompen kin, wat de gersproduksje oanbelanget, twa gefolgen ha:

1. skea troch droechte;
2. minder wetterhinder (Aldegea kin troch syn leechlizzende feangrûn hege wetterstânnen ha en is de grûn, wat de lânbou oanbelanget, earder te wiet as te droech).

Undersiik hat útwiisd dat om ús doarp hinne de grûn goede mooglikheden jout. Om't der boppe dat net of amperoan skea fan komt, hat de B.V. Wetterlieding tastimming oanfrege om hjir útein te setten mei in grûnwetterpompstasjon, dy't in fêststeld fermogen ha sil fan 3 mln. m³ per jier.

R.J. - U.



TOERISME

Wy hawwe wat gegrút heard oer in nije toeristyske attraksje, dy't op't heden yn ús doarp op priemmen set wurdt.

It plan komt by de Grytman wei, mar, as it réali-searre wurde kin, dan sil dat barre yn'e mande mei oaren, nei alle gedachten met de Klaverkampruters en V.V.V. Smellingerlân.

Der wurdt op dit stuit tocht oan it besjen fan de Aldegeaster herfoarme tsjerke, fierders oan in reed nei Earnewâld mei hynder-en-wein, dêr efkes sjen yn it Kokelhûs fan Jan en Sjut en dan werom nei Aldegea ta. Dan krije de toeristen yn restaurant Welling noch wat iten en drinken en dat sil dan it slútstik wêze.

Mar der moatte noch hiel wat tûkelteammen oprûme wurde, ear't it safier is, ha wy wol fernommen. Wy winskje dejingen dy't de foarstap nommen ha sukses ta by it útwurkjen fan dit aardige plan, dat wol net foar massatoerisme ornearre wêze sil, liket ús ta. De Grytman sil hjirmei wol mear it each hawwe op fakânsjelju mei in fyn feltsje op'e tonge.

L. de J.



Ut foarried te leverjen:

Batavus fytsen
Vredestein fytsbannen
Fytsûnderdielen
Fytstassen

Hushâldlike artikels:

Túnark
Fryske redens
Hege en platte Noaren

Freanlik oanrikkemandearjend,

W. DE VRIES
It West 18



Van het Grietmanfront.

Evenals afgelopen jaar staan er activiteiten op het programma. Wij kunnen nu reeds melden, dat er meer te doen zal zijn dan ooit, 1981 zal hopen wij gonzen en bonzen in verre omtrek. 'nTipje van deze sluier willen we alreeds oplichten in de dorpskrant. Voor verder algehele informatie kunt u te zijner tijd een echte Grietman Nieuws Editie verwachten. Daar worden georganiseerd, te weten: concerten, fiets-tochten, wandeltochten (een zaterdagmiddag- en een avondvoettocht). Aan de haven een "Tartonne Touwlûk" wedstrijd (mannen), sprietlopen, zakslaan, Tartonne Touwlûkwedstrijd (vrouwen), Klaverkamp/Grietman-huifkar rondritten, trapautoraces en een braderie boordevol activiteiten. Zo u kunt lezen moeten de beste beentjes voor en daarvoor heeft reeds een gesprek plaats gevonden in "it Miensker" met mensen, die kunnen meewerken om al deze activiteiten te kunnen doen plaatsvinden.

Wanneer men een idee of voorstel heeft, dan kunt u uw schrijffje kwijt op postbusnummer 3, t.n.v. de org. "Grietman", Sânbuorren 1, Oudega (Sm.).

Feestelijke Jaarvergadering
van de gemeentelijke C.B.T.B.
in "It Miensker" te Oudega op 12 februari 1981

YNSTJOERD

De leiding van de avond berustte bij de heer Zijlstra uit Drachten. Nadat de heer Zijlstra de talrijke aanwezigen welkom had geheten opende hij de vergadering. Vervolgens hield de heer Zanstra uit Oudega een korte meditatie naar aanleiding van een gedeelte uit Habakuk 3. De toneelvereniging uit Tietjerk zou een stuk opvoeren. Omdat één van de spelers ziek was, ging dit niet door. De toneelclub van Eestrum voerde daarom het blijspel "Serenade foar Beits" op. Het was een leuk stuk dat goed werd gespeeld. Het was een gezellige avond.

O.Z.



Mededelingen van de Geref. Kerk te Oudega Sm.

De eerste Geref. Kerk van Oudega werd in het jaar 1841 aan de Achterwei gebouwd. Op 28 juni 1910 werd 's avonds half acht de eerste steen gelegd van de kerk in de Buorren. In deze kerk zijn diensten gehouden tot 23 maart 1980. De verbouwde kerk zal in een speciale openingsdienst op D.V. 12 maart 1981 weer in gebruik worden genomen. Deze dienst begint 's avonds half acht. Zaterdag 14 maart a.s. zal er een "open dag" zijn, waarbij een ieder gelegenheid krijgt de kerk te bezichtigen. Openingstijd 's morgens van 9.00 uur - 12.00 uur, 's middags van 13.00 uur - 16.00 uur.

Wij hopen dan vele dorpsgenoten te mogen begroeten.

Scriba: S. v. Dijk.




Tjibbe de Jong, in oarspronklik bestjoerder.

Al sa lang wurdt der grute: Tjibbe hat syn pleats fan'e hân dien en giet mei syn húshâlding nei Kanada, en dan net inkeld mei fakânsje. Nimmen wist der lykwols it rjochte fan. Tjibbe liet, wat syn takomstplannen oanbelange, eltsenien yn ûnwissichheid. Men koe him der nei freegje -en dat hoechde men mar ien kear te dwaan- men krige hieltyd in ûntwykend antwurd. Dêrnei gie er oer ta de oarder fan'e dei. Sa wie Tjibbe. Hy hat jierrenlang in opbouwende bydrage levere oan it iepenbier bestjoer fan ús gemeente. Om-ende-by seis jier ha ik him dêrby meimakke. Ik fûn dat in nijsgjirrige ûnderfining. Hy wie gjin specialist op in inkeld ûnderdiel fan it belied yn de betsjutting fan immen dy't wat langer wat mear fan wat langer wat minder ôfwist. Nee, hy wie in kollega mei in brede belangstelling, dy't him tige goed oriëntearde en op ienfâldige wize de saken útlizze koe. Yn'e fraksje koe der dan ek op tal fan mominten - SYN mominten - wat wear-defols, in oar gesichtspunt nei foarren bringe. Ek yn dit ferbân koe er lykwols lang swiye en yn syn karakteristike hâlding, lurkjend oan syn ûnskiedbare piip, de bydragen fan oaren wat ôfstannelyk oanheare. Dêrnei koe er, as it momint der wie, mei in somtiids relativearjende, faak koartswylige opmerking of ek mei in tige gerjochte fraach, wêryn it antwurd dan al opsletten lei, de achte sprekker(s) nei in troch him belibbe werklikheid wêrom bringe. In werklikheid, somtiids mei opset sin wat oertrokken, wêrfan hy ek in oare kant sjen liet. In werklikheid ek, wêrby hy yn in inkelde pinnestreek minsken yn harren deiske situaasje skildere. Ik kin my noch in aktueel gesprek te binnen bringe yn it rekréaasjeskip "It lege Midden". It gie dêrby oer it ynrjochtingsplan

GOLLEGE

DE MODE HIT



**Lampers
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

fan it Fryske Gea foar it natuergebiet Prinsehôf/Alde Feanen. Tjibbe spriek -as lêste- oer "it ferwyl-dere kultuergebiet" wêr't in nij slach baronnen" mei mienskiptsjild dat der net mear wie, besykje de baas te spieljen, mei it gefolch dat de wettersport-rekréant (Jan mei de pet?!) wêromstjoerd wurde. Hij ferwachte, as ik it goed ha, op sa'n pakkende omskriuwing gjin réaksje. Folle mear: "Ik ha sein!". Ik spriek oer ôfstânlíkens. Dy ôfstânlíkens wie hy lykwols hielendal fergetten as it saken oanbelange dy't him nei leinèn. Ik tink benammen oan it gebrûk fan it Frysk. (Hoe moat dat no yn Kanada?). Hy wist dan wêr't er it oer hie en men moast goed by de tiid wêze om him ta in soarte fan relatifearing te bringen. Byneed gie er syn wei allinne en yn 'e Ried sette er op in tige oarspronklike wize, ferpakt yn in prachtige byldspraak, de saken op in rigel. Tjibbe hat in bysûndere antenne foar it ynskatten fan 'e bestjoerlike, sa as jo wolle, de politike kanten fan it ûnderwerp wat oan 'e oarder wie. Syn bestjoerlike ynsjoch kaam benammen goed ta útdrukking yn syn wurk yn 'e kommisje foar de beropskriften. Jierrenlang hat er hjiroan lieding jûn. Hy makke gâns stúdzje fan 'e saak. Elk facet krige syn rjochtlik plak. Net allinne de CDA-fraksje, mar ek de gemeenteried fan Smellingerlân nimt meikoarten ôfskie fan in tige oarspronklike en wurdeare meilid. Smellingerlân rekket in bestjoerder kwyt, dy 't fertolkje koe dat wat minsken nei oan it hert lei. Rjocht dwaan, dat wie it, wat him safolle jierren dizze prachtige gemeente tsjinjen die.

Tige tank, Tjibbe, I wish you a very good time there en hope you will come back once again.

Drachten, 21 febrewaris 1981.

F. Jonkman.



Ynliding fan notaris Mulder yn'e gearkomst fan it doarpsbelang op 9-2-1981.

Skinkingen

Skinkingen wurde meast dien om de suksesjerjochten wat te beheinen. Ek wol om de fermogensbelêsting lytser te krijen of kwyt te reitsjen. De skinker kin:

a. jild oermeitsje of jaan

b. in "skuldich-erkenning" op papier jaan

As by b. de skinker de âlden binne, krije de âlden de rinte (as ynkomsten), as de bern jonger binne as 18 jier. Binne de bern âlder, dan krije hja sels de rinte. In sosjaal mear omstriden reden foar skinkingen is, dat men leaver as suksesjerjocht te beteljen (oan 'e mienskip) tsjin de tiid dat men oan it âldereinhûs ta is, in berop docht op'e bystâns-wet (op'e mienskip). Wa't dizze wize fan hanneljen foarstiet, moat der mei rekkenje dat de oerheid it rjocht hat skinkingen werom te foarderjen as dy dien binne, minder as fiif jier ear't de skinker in berop op'e bystâns-wet docht. Skinkingen binne frij fan suksesjerjocht as it bedrach per jier

net boppe de 5.265 gûne út giet. Oan bern fan 18 oan't 22 jier kinne de âlden foar ien kear sels in bedrach fan 26.325 gûne oermeitsje, frij fan suksesjerjocht.

Tenei mear oer testamintsje en erfjocht.

Skriuwer: B. Jansma.



BOARGEMASTERS

Wy hawwe it yn'e krante lêze kinnen: boargemaster Zijlstra hâldt der strak mei op, hy tsjinnet syn tiid noch út en dan is it dien. Der moat dus strak yn ús gemeente in oarenien komme.

Mannichien sil him wolris ôffrege ha: hoe giet soks no, hoe komt in gemeente oan in nije boargemaster? Falt sa'n man of frou samar út'e loft? It liket der bytiden wol op, net wier, want gauris kriget in gemeente in boargemaster taskikt dêr't de boargers noch nea fan heard hawwe.

De leden fan ús ried hawwe, dat stie ek yn'e kranten, oan it "profylsketsen" west. D.w.s. hja hawwe sein, wat foar in boargemaster hja graach ha wolle, hoe't syn politike kleur wêze moat, neffens har, hokker eigenskippen de man ha moat. In alderaardichst selskipsspultsje, dy "profylsketserij", mar it hat neat om 'e hakken. It liket op wat wy diene yn ús iere bernejierren, doe't wy noch oan Sinteklaas leauden. Wy fertelden de grutte bernefreon ek wat wy o sa graach ha woene, mar it wie ôfwachtsjen wat der kaam.

Sa giet it ek sawat mei dat "profylsketsen". Sinteklaas sil wol ris sjen, hy wit wol wat goed foar ús is. Sinteklaas is yn dit gefal Hedzer Rijpstra, de kommissaris fan de keninginne. By him komme de sollisitaasjebrieven op it buro, hy siket foar ús út. En as er dat dien hat, as er syn kar makke hat, dan stjoert er it listke mei kandidaten, syn tal, nei de minister fan ynlânske saken ta, en dy beneamt dan ien. Feitliks hat de kommissaris de grutste ynfloed op in beneaming. De minister sjocht fierders noch nei de politike kleur fan de kandidaat, want as er wat tefolle fan ien kleur beneamt dan krijt er gedonder mei de beide keamers.

Prinsipiëel besjoen is sa'n boargemastersbeneaming yn ús demokratyske steat in ûndemokratyske fer-toaning. De boargers fan in gemeente kieze in ried en út dat fermidden heart in foarsitter keazen te wurden. No krijt de ried in foarsitter, dy't oansteld wurdt, dy't fan boppen ôf nei de gemeente tastjoerd wurdt. As wy op demokratyske wize in bestjoer keazen hawwe fan in feriening of ynstelling, dan fine wy it hiel normaal, dat it bestjoer út syn fermidden de foarsitter kiest. Sa bart it ek yn ûnderskate lannen om ús hinne yn 'e gemeenteried: dy kiest út syn fermidden de foarsitter, de boargemaster. Mar te uzes wurde dêr altyd in protte beswieren tsjin ynbrocht. In beneamde boargemaster, is de hjitting, soe bestjoerskundich folle better ûnderlein wêze. En dat slacht dan foaral op it ûnderhâlden fan kontakten en op tûkens yn it manipulearjen. Mar soe der eins

wol wat op tsjin wêze om dy kontakten troch riedsleden ûnderhâlde te litten?

Dat it by ús giet sa't it no giet, hawwe wy noch te tankjen oan 'e Frânske tiid. Doe't ús lân in diel fan Frankryk wie, waarden wy tige sintraal bestjoerd, út Parys wei. Nei de Frânske tiid (1795 - 1813) is dat sa bleaun, allinne naam doe Den Haach it plak fan Parys yn. Wy libje no al wer sa'n 165 jier letter, mar it sintrale bestjoer bestiet noch altyd. En sadwaande krije wy noch altiten in beneamde boargemaster: it sintraal bestjoer wol dy macht net út hannen jaan. By de grûnwet (1848) wurdt yn in taljochting sein wêrom de Kroan de foarsitter fan de ried beneame moat: "De keuze van de voorzitter van de gemeenteraad is aan den koning opgedragen, omdat de zuiverheid en volledigheid van het stelsel vorderen, dat aan het hoofd van dit kollege (mede uitmakend een schakel van den keten der uitvoerende macht) een kommissaris des konings zij geplaatst". De taal is wat âlderwetsk en amtlik, mar it sitaat is wol aardich dúdlik, liket my ta. "Zuiverheid en volledigheid van het stelsel" en "schakel van den keten" wize der op, dat in boargemaster in fertsjintwurdiger fan de sintrale oerheid wêze moat. Hy moat wurkje as de lêste skeakel fan de sintrale macht. Wy moatte in boargemaster dus earder sjen as de fertsjintwurdiger fan de sintrale macht as fan de gemeente.

Wy brûke in protte de titel boargemaster, mar it is mei dy titel eins wat in nuver gefal. Yn ús gemeentewet (29.6.1851) komt de titel net foar. Kêst 152 fan dy wet hat it allinne mar oer de FOARSITTER FAN DE RIED, dy't troch de kening(inne) beneamd (en op'e dyk set) wurdt.

L. de J.



LIKDOORNS


een veel voorkomend voeteuvel

Sinds mensen schoenen, en vaak te nauwe schoenen, dragen bestaan er likdoorns, één van de meest voorkomende voeteuvels. Een likdoorn is een hoornachtige verharding van de opperhuid op b.v. één van de tenen, die vooral mensen die veel moeten staan of lopen last kan bezorgen. De eeltige plekken ontstaan door voortdurende druk op een bepaalde plaats van de huid, waardoor dieper gelegen weefsels worden beschadigd. Eelt en likdoorns kunnen worden gezien als een afweermiddel van het lichaam tegen druk van buitenaf.

Als men op een likdoorn drukt doet dat pijn, omdat de pit die zich in de likdoorn heeft gevormd op een dieper gelegen zenuw drukt. De meeste likdoorns vindt men aan de buitenkant van de kleine teen, maar ze kunnen evengoed op elke andere teen voorkomen of onder b.v. de bal van de voet.

De latijnse naam voor likdoorn is clavus, dat ook de latijnse naam is voor spijker, zeer toepasselijk, omdat de verhoorde pit als een spijker in de huid is geslagen en op dieper gelegen en bijzonder gevoelige spiertjes drukt.

Men onderscheidt harde en zachte likdoorns. De



meeste likdoorns voelen echter hard aan. De vorm is lang niet altijd rond, maar kan afhankelijk van de druk en de plaats waar de likdoorn zit ook langwerpig of gespleten zijn of de vorm van een halve maan hebben. Als regel hebben ze één pit, maar het kunnen er ook meer zijn. Zachte likdoorns vinden we tussen de tenen en wel meestal tussen de vierde teen en de kleine teen. Ze veroorzaken gewoonlijk meer pijn dan harde likdoorns.

Ook zonder dat er druk op uitgeoefend wordt, kunnen likdoorns pijn doen, vooral bij verandering van de weersgesteldheid. Zachte likdoorns zijn blootgesteld aan wrijving en de vochtigheid tussen de tenen, waardoor ze eerder aanleiding geven tot bacterievorming en schimmels.

Likdoorns ontstaan door druk en wrijving van de schoen. Maar ook door plooitjes in de voering van de schoen of een stiksel, dikke naden in kousen en sokken, kleine steentjes of andere voorwerpen in de schoen kunnen likdoorns veroorzaken. Tenslotte zijn er ook nog zaadlikdoorns die vaak bij oudere mensen voorkomen en welke meestal spontaan ontstaan in de boog van de voet. De vorm van deze likdoorn is cilindrisch en eindigt in een stompe punt.

Soorten likdoorns:

- platte likdoorn - normale likdoorn
- verheven likdoorn - vaak ontstoken
- likdoorns tussen de tenen
- vasculaire likdoorn - bloedvat is beknelde, dit is te zien aan een zwarte stip in het midden

- e. neuro-vasculaire likdoorn - bloedvat en zenuw-
zijn bekneld, wat zeer pijnlijk is
- f. zaadlikdoorn

Ontwikkelingsstadia's van de likdoorn

- a. ontstaan stadium:
eenvoudige verdikking zonder pijn
- b. statische stadium:
de slijmbeurs ontstaat, de pijn wordt merkbaar
- c. pijnstadium:
druk op gevoelige slijmbeurs
- d. ontstekingsstadium:
ontsteking van de slijmbeurs

Likdoorns kunnen worden voorkomen door schoenen te dragen die ruim om de voeten sluiten en het gewicht van het lichaam gelijkmatig over de gehele voet verdelen.

LIESBETH BOERSMA



CHARLIE'S INGEL?

Bange frage: hat prins Charles einlings de echte fûn? Al mear as tolve jier hat er oan ûndersyk dien; de foarhoulikse ferkearinkjes fan de erfgenamt fan de troan, it suver deistich fretten foar de rabbelkolommen fan kranten en tydskriften, wiene al hast net mear te tellen. "Sels Hindrik VIII", skreau de "Herald Tribune", "soe dat ûnderwilens moedsum wurk fûn ha". It seit himsels, dat de kreaze Fiona Watson, alhoewol 't hja in dochter fan in lord (en sjiipefabrikant) is, as prinsefrouwe en takomstige keninginne gjin inkelde kâns makke -hja hie al ris in kear yn 't neaken yn "Penthouse" *) stien-. Jane Ward, de bliere skriuwster fan de Windsor poloklup, dy't mei Charles yn'e kunde kaam nei in ferkeard sleine bal har kant út, wie net allinne fan boargerlik komôf en skaat, mar ek in flapút: "hy hat my al tute", die se de kranten te witten en doe wie't út, fansels. Davina Sheffield, in float, dêr't er him mei ferdivendearre op in stil strân, begûn te rabbeljen, wat se oan if hof "in oerstjoer ferline" neame. Prinses Marie Astrid fan Luksemboarch wie roomsk, Rosalind Ward wie troud en Sabrina Guinness, erfgenamt fan in bierbrouwerij, wie by eintsjebeslút syn bier net. Of Amanda Knatchbull, of Desiree von Rosenberg, of lady Jane Wellesley, of in ûnbekend bleaune "ljochthierrige út München" - net ien fan harren waard dé ingel foar Charlie.

Alhoewol, it wiene net altyd de froulju, dy't gjin kwaliteiten genôch hiene. "Hy is in romantikus, ik, dêrfoaroer, bin yn'e leafde in wynhoas", sa ferklearre fyntsjeswei lady Sarah Spencer har fuortgean út Klosters, dêr't se tsien dagen mei Charlie oan wintersport dien hie. Anna Wallace utere har yn it bywêzen fan taharkers op in feestje yn kastiel Windsor minder hoeden: "Donderje mar op".

Sa noflik-senuweftich de ferearders fan de Kroan en de lêzers fan boulevardblêden syn langduorjende jacht folgje, sa keninklik-ûnferskillich liket de frijfeint, dy't "net graach in feministe as freondinne ha wolle soe", him der mei te fermeitsjen.

Prins Charles, 32, leafhawwer fan rose sekt en "muzyk, dêr't in meldij yn werom te finen is", yn syn marinejierren meastentiids seesiik en by de polo-sport sa út en troch ûnder it hynder lizzend, hat foar

de (belúnjende) gloarje fan de Britske monarchy net folle dat makket bydroegen. Mar hy hat it ek net sa nuer fertoand as twa oare leden fan syn djoere Royal Family: syn suster Anne en syn muoike Margaret.

Alhoewol, de Ingelske skriuwster Jean Rook neamde him in "snibbigge, eigenwize flerk". En it labour-keamerlid William Hamilton, bekend anti-royalist, bekritisearre syn omstipperij: "As der net gau in baantsje foar him fûn wurdt, sille de minsken him strak allinne noch mar kenne as in rike jetset-playboy".

Mar hy stiet altyd noch heger by't folk oanskreaun as de heechhertige hynsterydster Anne, dy't har man en maat yn'e sport, Mark Phillips, yn't iepenbier foar "grutte stomkop" útmakke en krantekoppen oer deilisskippen tusken har en Mark útlokket, en hy wurdt ek mear achtenearre as de ûngelokkige Margaret mei al har Tony's, Roddy's en Whisky's.

Mar no soed er foar sibben en folk wolris echt in okkebyld wurde kinne. Prins Charles, dogge de Ingelske kranten ús te witten, soe no dan einlings de echte fûn ha: lady Diana Spencer, 19; suster fan dy Sarah, dêr't er it nei it skiën net rjocht pratende mei hâlde koe; takom jier soe der wolris in brulloft fan komme kinne.

Ingelân's hofferljochters beardielen de nije as idéale persoan om de takomstige keninginne te wurden. De aardige, langskonkige grevedochter en diplomearre beukerliedster, dy't de prins op in party fan syn broer Andrew ("Randy Andy") foar't earst seach, is fan âlde adel en fan de Anglikaanske tsjerke; hja soe represintative jeften ha en húsfroulike deugden ("Boarden spielt se altyd sa gau mooglik ôf"); se is leaf foar hynders en ek foar bern - koartsein "in ferguldich fanke", moat keninginne Lysbeth sein ha.

En dan is der noch wat. Diana soe noch faam **) wêze, skreau Ingelân's grutste boulevardkrante "The Sun" en dy tocht dêrby net oan astrology: it yntaktwêzen soe ien fan de foarste betingsten wêze fan de sinnige (en neo-viktoriaanske?) nei in wiif sykjende Charles.

As prinsepalste tsjûge helle de krante in lord Fermoy oan: "Ik wol't jim wol op in briefke jaan, dat Diana noch nea net in frijer hân hat". Hoe kin hy dat witte?

De lord is Diana's omke!

*) tydskrift foar manlju, lykas Playboy.

**) yn dútsk "Jungfrau" (hollânsk "maagd")

(Oernommen út it westdútse tydskrift "Der Spiegel" fan 17-11-1980).



EXPOSITIES, MAART:

Dizze wurklist krije wy as foarrinder fan 'e VVV wurkliste. Om't dat sa betiid is, is der in lytse kâns op fer-oaringen. Ynljochtings till. 1726.

- DOKKUM Galerie de Gouden Hand: Zaïre Vieytes, olieverven, en Hugo Lagomarsino, tekeningen, beiden komen uit Argentinië, wonen en werken momenteel in Parijs.
- DRACHTEN It Bleekerhûs: "Carrousel", olieverven, gouaches en aquarellen van Hansje Dijkstra en B. Nieuwenhuis. T/m 29 maart.
- DRACHTEN Lawei: Expositie van maskers, deorbouw en verschillende kunstenaars, 7 t/m 28 maart.
- LEEWARDEN Galerie Eewal: Valentijn van der Heide, beelden, t/m 14 maart, 21 maart t/m 11 april Pieter Holstein, ingekleurde etsen.
- LEEWARDEN Galerie Van Hulsen: wisselende expositie.
- LEEWARDEN Sr. Galerie Van Hulsen: wisselende expositie (alleen geopend op vr. en za.), Molenstraat 40.
- LEEWARDEN Prinsessehof: T/m 26 april, Engelse tegels. T/m 29 maart "Heremijntijd", uit de schooljaren van mijn grootouders, edukatieve tentoonstelling.
- LEEWARDEN De Tille: Wisselende expositie.
- LEEWARDEN Frysk Letterkundich Museum: Simke Kloosterman, libben en wurk. T/m 28 april.
- SNEEK Fries Scheepvaart Museum: 1 maart t/m 3 april, Ella Steenmeijer, aquarellen op zijde.
- SURHUISTER-VEEN De Estrik: Mevr. van der Heide, aquarellen, Willem Heese, glaswerk. Daarnaast ook textiel, keramiek en hout.

THEATER, MAART:

- 6 DRACHTEN Lawei: "Wat doen we met Jenny", een komedie van Wilde. Toegang f 15,00; t/m 21 jaar f 7,50.
- 10 DRACHTEN Lawei: Nooy's Volkstheater met de volksmusical "Ronde Ka". Toegang f 15,00; t/m 21 jaar f 7,50.
- 13 DRACHTEN Lawei: "Langzaam haasten", een nieuw programma van Peter Faber. Toegang f 12,50; t/m 21 jaar f 6,25.
- 16 DRACHTEN Lawei: Toneelgroep Sater met "Zal ik je moeder even geven". Toegang f 12,50; t/m 21 jaar f 6,25.
- 18 DRACHTEN Lawei: Toneelgroep Katrijn met "De humorist", een stuk van John Osborne. Toegang f 15,00; t/m 21 jaar f 7,50.
- 23 DRACHTEN Lawei: Balletuitvoering van school Dieneke Ysseldijk. Aanvang 20.00 uur. Toegang nti.
- 25 DRACHTEN Lawei: Toneelgroep Theater met "De voetwassing", van Fleisser. Toegang f 15,00; t/m 21 jaar f 7,50.
- 26 DRACHTEN Lawei: Theaterunie met "Moord in Elkerveen". Aanvang 20.00 uur. Toegang nti.
- 27 DRACHTEN Lawei: "Zolang de voorraad strekt", een nieuw kabaretprogramma van Sieto en Marijke Hovink. Toegang f 12,50; t/m 21 jaar f 6,25.
- 28 DRACHTEN Lawei: "Theaterdag". Aanvang 10.00 uur.
- 28 LEEWARDEN Harmonie: Cabaret, Riens Gratema met "Alle hulde". Toegang f 20,00; CJP f 12,50.

Der is faakris fan Poppentheater "De Regenboog" út Snits in foarstelling. Ynformaasje till. 1726.

MUZIEK, MAART:

- 1 LEEWARDEN Hippo: Cafépop "De op de koffie Band". Aanvang f 15,00 uur. Toegang f 3,00.
- 1 LEEWARDEN Harmonie: Koffiekonsert m.m.v. Nelleke Geesink, piano. Aanvang 11.30 uur. Toegang f 6,00; kinderen f 3,00.
- 3 DRACHTEN Lawei: "Broln", folkloristisch dans- en muziekgezelschap uit Brno. Toegang f 12,50; t/m 21 jaar f 6,25.
- 4 LEEWARDEN Harmonie: Opera Forum met "Die Zauberflöte" van Mozart. Toegang f 22,50; CJP f 12,50.
- 6 DRACHTEN It Brune Jaske: Blues and Bluesband. Toegang f 4,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 6 LEEWARDEN Prinsessehof: Martijn van den Hoek, piano, werken van Mendelssohn, Ravel en Chopin. Toegang f 10,00; CJP en Pas 65 f 6,00. Aanvang 20.00 uur.
- 7 DRACHTEN Lawei: Zaalconcours Chr. Bond van Muziekverenigingen in Friesland. Aanvang 12.00 uur.
- 7 DRACHTEN It Brune Jaske: Doohackadoodles Jazzband (Dixieland en New Orleans). Toegang f 5,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 7 LEEWARDEN Hippo: Folkkonsert Wolverlei. Aanvang 20.30 uur. Toegang f 5,00.
- 8 DRACHTEN R.K. Kerk Pier Panderstraat: Middagkonsert m.m.v. Cantorij van Beetsterzwaag en Drachtster Kamerorkest. Solisten Laura Tammeling, sopraan en Gerrit Jan Rutgers, bariton. Aanvang 15.30 uur. Toegang f 7,50; CJP f 5,00.
- 8 LEEWARDEN Hippo: Strijdbare muziek "De Volharding". Aanvang 14.30 uur. Toegang f 6,00.
- 11 LEEWARDEN Harmonie: Konsert Frysk Orkest "Drie grote Russen". Dirigent Zsolt Deaky, solist Theo Bruins, piano. Werken van Tsjaikovsky, Stravinski en Rachmaninov. Toegang f 14,00; CJP en Pas 65 f 8,50.
- 12 LEEWARDEN Hippo: Swingavond. Toegang gratis. Aanvang 20.00 uur.
- 13 DRACHTEN It Brune Jaske: Bob Johnson Band (blues/rock). Toegang f 2,50. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 14 DRACHTEN It Brune Jaske: La Vida Jazzband (New Orleans). Toegang f 4,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 14 LEEWARDEN Hippo: Grote Zaalpop. Aanvang en toegang nti.
- 15 LEEWARDEN Doopsgez. Kerk: Konsert van fluit-harp duo Yke Toepoel - Karin Wark, onder auspiciën van de Vereniging Vrienden van het Frysk Orkest: Toegang gratis. (Bijdragen na afloop worden op prijs gesteld). Aanvang 15.00 uur.
- 15 LEEWARDEN Hippo: Cafépop m.m.v. Fuel. Aanvang 15.00 uur. Toegang f 3,00.
- 15 LEEWARDEN Harmonie: Koffiekonsert m.m.v. Big Band M.P.A. Aanvang 11.30 uur. Toegang f 6,00; kinderen f 3,00.
- 17 DRACHTEN Lawei: Konsert Frysk Orkest, dirigent Zsolt Deaky, solist Theo Bruins, piano. Werk van Beethoven, Mozart en Schumann. Toegang f 13,00; CJP en Pas 65 f 8,00.
- 18 LEEWARDEN Harmonie: Konsert Frysk Orkest, dirigent Zsolt Deaky, solist Theo Bruins, piano. Werken van Beethoven, Mozart en Schumann. Toegang f 14,00; CJP en Pas 65 f 8,50.

- 19 LEEUWARDEN Harmonie: Konsert Frysk Orkest, dirigent Zsolt Deaky, solist Theo Bruins, piano. Werken van Mozart, Beethoven en Schumann. Toegang f 14,00; CJP en Pas 65 f 8,50.
- 20 DRACHTEN It Brune Jaske: Shakey Sam Bluesband. Toegang f 4,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 20 DRACHTEN Lawei (Café Chantant): "H.H.H. yn konsert", m.m.v. folkgroep Heelstone, Hessel van der Wal en Henk Alkema. Toegang f 12,50.
- 20 DRACHTEN Lawei: BBB-konsert dōor Drachtsters vōor Drachtsters.
- 21 DRACHTEN It Brune Jaske: Free Time Dixie Jazzband. Toegang f 4,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 23 LEEUWARDEN Harmonie: "Ondekoza de furie van de trom". Exotische show. Toegang f 22,50; CJP f 12,50.
- 26 LEEUWARDEN Hippo: Swingavond. Toegang gratis. Aanvang 20.00 uur.
- 27 DRACHTEN It Brune Jaske: popkonsert m.m.v. Maitresse. Toegang f 2,50. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 27 LEEUWARDEN Grote Kerk: Toonkunstkoor Concordia m.m.v. Frysk Orkest, dirigent Henk Alkema, Mattheus Passion van Bach. Aanvang 19.00 uur.
- 28 DRACHTEN It Brune Jaske: Rosie O' Grady's European Jazzband (Dixieland). Toegang f 4,00. Aanvang ca. 21.30 uur.
- 29 LEEUWARDEN Doopsgezinde Kerk: Konsert Leeuwarder Bach vereniging m.m.v. Frysk Orkest en Griet Talsma-Calsbeek, orgel. Dirigent Jan Veninga. Aanvang 15.00 en 16.00 uur.
- 29 LEEUWARDEN Harmonie: Koffiekonsert m.m.v. Ensemble Milek. Toegang f 6,00; kinderen f 3,00. Aanvang 11.30 uur.
- 30 LEEUWARDEN Harmonie: Konsert "Flairck". Toegang f 20,00; CJP f 12,50.

SPORT, MAART:

- 2 DRACHTEN Sporthal de Splitting: Microkorfbaltoernooi. Org. R.P.A. Drachten. Van 9.00 tot 16.30 uur.
- 3 DRACHTEN Sporthal de Splitting: Sport- en spelinstuif. Van 10.00 tot 11.30 uur, ouders met kinderen tot 10 jaar. Van 14.00 tot 16.00 uur, jeugd vanaf 10 jaar.
- 7 DRACHTEN Sporthal de Drait: Zaalvoetbaltoernooi. Org. Wijkver. de Drait.
- 14 DRACHTEN Sporthal Sportlaan: Zaalvoetbaltoernooi F-pupillen. Org. Drachtster Boys. Van 8.00 tot 12.00 uur.
- 14 DRACHTEN Sporthal Sportlaan: Kaatstoernooi. Org. Kaatsver. Drachten. Van 12.00 tot 18.00 uur.
- 21 DRACHTEN Sporthal de Splitting: Mini-basketbaltoernooi Basisonderwijs. Van 8.30 tot 13.00 uur.
- 21 DRACHTEN Sporthal Sportlaan: Uitvoering. Org. Hercules Udi. 9.00 tot 18.00 uur.
- 21 DRACHTEN Sporthal de Drait: Badminhandicapttoernooi. Org. B.C.D. Van 9.00 tot 18.00 uur.
- 25 DRACHTEN Sporthal Sportlaan: Zaalvoetbaltoernooi. Org. Scheidsrechtersver. Drachten e.o. Van 19.30 tot 22.30 uur.
- 28 DRACHTEN Sporthal de Splitting: Instuif. Org. Gymnastiekver. Juventa. Van 9.30 tot 12.00 uur.
- 28 DRACHTEN Sporthal de Drait: Badmintontoernooi. Org. B.C.D. Van 13.00 tot 19.00 uur.

ALLERLEI, MAART:

- 1 LEEUWARDEN Hippo: Noord-Ierland avond. Aanvang 20.00 uur. Toegang gratis.
- 6 DRACHTEN De Zwaai 6: Vijf jaar VOS Friesland. Aanvang 19.45 uur.
- 7 LEEUWARDEN Friesland hal: Int. Postzegelruilbeurs. 10.00 tot 17.00 uur.
- 7 LEEUWARDEN Pelikaankerk: Postzegelruilbeurs 13.00 tot 17.00 uur.
- 8 LEEUWARDEN Zalen Schaaf: Open Vrouwen Dag, 11.00 tot 22.00 uur.
- 9 LEEUWARDEN Het Bakken: Creatieve Dag Rheumafonds, 14.00 tot 16.00 uur.
- 12, Zalen Schaaf: Modeshows. Toegang f 10,00. Aanvang beide dagen 14.15 en 20.00 uur.
- 13 LEEUWARDEN
- 14, Friesland hal: Antiekbeurs. Toegang; kind onder 14 jaar gratis, volw. f 5,00, cjp en pas 55 f 2,50. Openingstijden za. 14.00 tot 22.00 uur, zo. 11.00 tot 18.00 uur.
- 17, Friesland hal: Bakkerijvaktentoonstelling. Toegang f 5,00. Openingstijden di. 13.00 - 22.00 uur, wo. 12.00 - 21.00 uur.
- 18 LEEUWARDEN
- 21 LEEUWARDEN Benedenzaal Geref. Kerk, Schrans 90: Postzegelruilbeurs 13.00 tot 17.00 uur.
- 27 LEEUWARDEN Fenixkerk: Vijf jaar VOS Friesland. Aanvang 19.45 uur.
- 28 t/m 1 apr. LEEUWARDEN Friesland hal: Recreana. Toegang; volw. f 5,00, kind t/m 6 vrij. t/m 12 en pas 65 f 2,50. Openingstijden: za., ma., di., wo. 14.00 tot 22.00 uur, zo. 10.00 tot 18.00 uur.



SOCIALE AGENDA

WEEKENDDIENSTEN HUISARTSEN

28 - 1 febr./mrt.	Dr. S. Vriesinga
7 - 8 maart	Dr. C. van Staveren
14 - 15 maart	Dr. H.J. Amelink
21 - 22 maart	Dr. J.S. Meyboom
28 - 29 maart	Dr. S. Vriesinga
4 - 5 april	Dr. C. van Staveren
11 - 12 april	Dr. H.J. Amelink
19 - 20 april	Dr. S. Vriesinga

De weekenddiensten duren van vrijdag 17.00 uur tot zondagavond 24.00 uur.

ADRESSEN

Dr. C. van Staveren	Roundeel 56	Oudega Tel. 05127 - 1262
Dr. H.J. Amelink	Greate Buorren 22	Garijp Tel. 05117 - 1264
Dr. J.S. Meyboom	Kommisjewei 120	Opeinde Tel. 05127 - 1261
Dr. S. Vriesinga	Torenlaan 17	Oostermeer Tel. 05129 - 221

GROENE KRUIS

Spreekuur W. van der Kooi: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05127 - 2207.
Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekenden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

BIBLIOTHEEK

Openingstijden:
woensdag: 13.30 - 17.00 uur
19.00 - 21.00 uur
vrijdag: 13.30 - 17.00 uur
19.00 - 21.00 uur

In 'It Miensker', Fabrykswei 13a.

OPENINGSTIJDEN

POSTKANTOOR	RABOBANK
Maandag tot en met vrijdag:	
8.30 - 12.00 uur	9.00 - 12.00 uur
13.00 - 17.30 uur	13.30 - 15.30 uur
Woensdagsmiddags gesloten.	donderdagsavonds:
Tel. 05127 - 2211.	17.00 - 19.00 uur

Ned. Midd. Spaarbank en Ass.kantoor,
It West 3.

Iepen fan: 9.00 - 12.00
13.30 - 17.00 en op ôfspraak

UITVAARTVERENIGING 'DE LAATSTE EER' OUDEGA

Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206.

Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

Gearkomsten fan de gemeenteried fan Smellingerlân

3 maart
7 april
6 maaie
2 juny
7 july
15 septimber
6 oktober
3 novimber
1 desimber
14 desimber : algemiene skôgings
15 desimber : begruttingsgearkomst

De tagong is frij en elkenien is wolkom. Alle gearkomsten begjinne om 7 oere, en wurde hâlden yn'e seal efter de Lawei.

TSJERKETSJINSTEN

Griff. tsjerke:

1 maart : 9.30 oere ds. H.J. Nolles, H.N.
13.45 " " " " , tanks. H.N.
8 maart : 9.30 oere hr. O. Zanstra
13.45 " ds. F. Meijer
11 maart : 19.30 oere ds. H.J. Nolles, biddei
15 maart : 9.30 oere ds. Van Til
13.45 " ds. H.J. Nolles
22 maart : 9.30 oere ds. H.J. Nolles
13.45 " ds. H. Wolters

Herf. tsjerke:

1 maart : 10.45 oere ds. Steenbeek
8 maart : 10.30 " ds. Hamoen
15 maart : 10.30 " cand. Douma
22 maart : 10.30 " ds. Hamoen
29 maart : 10.30 " cand. Douma



familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime
keuze uit de meest*

originele

**GEBOORTE-
VERLOVINGS-
HUWELIJKSKAARTEN**

DRUKKERIJ S.O.D. b.v.
Buorren 11, Oudega (Sm.)
Telefoon 05127 - 1755*

(ook 's avonds en weekends na afspraak)